


3-4-979

'T SKIEPPE~ STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

3e Jiergong

"IT SKIEPPESTURTSJE"

Nû. 4.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, till. 9487
Sytske Dykstra-Bouwhuis, , , 2968
Rients van Buren, , , 9280
Marten Kikstra, , , 9269
Jan Dykstra, , , 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Ljouwert

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAESJE: Rabobank Bolsward; giro nr. 856.829 t.n.v.
Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800
t.g.v. It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

FOARWURD:

't Is weer voorbij die "mooie zomer."
Ook al liet het weer in vele gevallen te wensen over,
toch hopen we, dat iedereen weer uitgerust en met frisse
moed is gestart.

Ondanks weinig zon en veel regen, zijn er zaterdag
in de meeste tuinen weer prijzenbordjes geplaatst. Dat
geeft de tuinders weer een beetje moed.

Een andere vorm van ontspanning, die we deze zomer veel
in het dorp zagen, waren de vele boten, die Tjerkwerd
aandeden.

Volgens de brugwachter passeerden er ongeveer 150 boten per dag! Ook bleven er velen 's nachts aan de wal liggen. 't Lag soms vol van Haarsma tot aan de dominee.

Vindt U ook, dat we moeten proberen deze schippers en hun bemanning wat accommodatie te bieden, door b.v. een grote jachthaven in Tjerkwerd aan te leggen? Natuurlijk gaat dit te ver, maar het is wel wenselijk om een toilet-gebouwtje, waterkraan en afvalbakken langs de kant te plaatsen om de wal schoon te houden! Want er zijn genoeg schippers, die wel van goede wil zijn, maar hier de kans niet krijgen.

Maar, ah fijn, daar hebben we een dorpsbelang voor.

Dit Skieppesturtsje is wat aan de magere kant, maar dat zal wel aan de vakanties hebben gelegen. Daarom willen wij een ieder er toch nogmaals op attenderen, dat, als er maar iets is wat in aanmerking komt voor 't krantje, dit voor uiterlijk 15 oktober bij één van de redactieleden in te leveren.

R. v. H.

(()()()()

"Gevonden voorwerpen"

In cowboyhoed en in zwarte skipperstrui (+ 10 jier). To bifreegjen by:
Jelte Speerstra, Iemswâlde.
Foun op it feestterrein.

"SJOCH UT", Head of St. Margarets:

"Het is overigens opmerkelyk, hoe sommiger menzen volledig in paniek raken, als ze in zulke uitzonderlijke omstandigheden komen te verkeren". Sa skreau de doarpsonropper yn nú. 2 fan de tredde jiergong Tsjerkwarter krante.

Ja, achte lêzer, sa is it ús ek gien op 1 juny 1929 en lyksa op 1 juny 1979. Neat gjin nijs ûnder de sinne, kin híj net oan tapast wurde. Hwant 50 jier lyn binne Anna en ik fan wâl set op it selde sté, wer't wy 1 juny 1.1. sa huldige binne.

En kom nou ris: "Harmonie contra Waltahús!!!"

Doe yn Steven en Dutsje Velds harren lyts winkeltsje o, o, hwat hat Anna dêr in hurde tiid trochmakke: de eerste sneons kos hja net iens mear prate, har lûd wie fuort fan de senuwen en iksels net minder yn it café. ("Supermarket - Café Restaurant". Fan it hiem nei de buorren wie doedestiids wol in OPJEFTÉ en OERGAVE.)

Mei greate letters stie der aan de foargevel "CAFE-BILJART en STALLING". Twa hynders (sneins) heger koe ik net komme, de Twynstra's fan Iemswâldé, en de Boer's fan Fjildhúzen.

Ik wit noch skoan, vđat in wiis man ris tsjin my sei:
- soa, en jo sille ús nije hospes wurde? Hy sei: - in kastelein moat tiga VROOM wêze, hwant hy moat sa wiis wêze as Salomo, sa geduldich as Job en sa stark as Simson. Nou, oer wiis wêzen sil' ik mar swijs en de geduldigheid fan Job haw ik my nea oan hâlde kinnen, Simson's krêften binne net nedich west.

Lykwols haw ik wolris yn myn stjonkert sitten; Harmen en Sjouke learden my it biljerten jouns, mar as Tsjerkwert dan 10 ure sloech en it potsje wie noch net dien, dan kaem de café-doar op it slot en de klompen fan boppeneamde freonen waerden dan nei de efterdoar brocht. Yn de hynstestál kaem dan ús plysje Feenstra al foar kontrôle, dan Harm en Sjouke as de duvel troch de gong en dan stapten de beide hearen op it plein prûstich de plysje foarby, groeten him, winsken him woltorêsten, en kamen in kertier letter wer yn om it spultsje út to spyljen.

Feenstra paste ek altyd tige goed op Harm syn fyts!
Mar, hwat hawwe dy apen ús ek wol faek út 'e sliep hâlden.
Freegjeit Harm sels mar, ek fan dat fyts-"gefaltsje".

Mar nou oer 1 juny 1979 yn it WALTAHUS.

Lokkich dat de seremoany-master foarút al sein hie:

- As Jo of Anna ris hwat senuweftich binne en sa gau net witte hwat der sein wurde moat, lit it dan mar oan my oer. Nou ... doe 't wy dan efter 28 jier it Frysk Folksliet hearden, doe wie ik net yn steat om "Tankje" to sizzen. Wy moasten beide efkes gûle, hwant in Fries kin nea Fries-ôf wurde.

En dan al dy minsken om jin hinne: sels út Doorn - Apeldoorn-Amsterdam-Hellendoorn-Borger-Lochem-Groesbeek-Utrecht-Rotterdam, ja, wit ik mear? En dan noch al dy oaren út alle "Alve Stêden" en 30 gritenijen, it wie nou ris echt op syn 'ELF en DERTIGST."

Bûten "Eansgazindheid" stienen der de jouns al mear dan 200 minsken yn ús gasteboek. Nou stiet der ien namme yn dat boek en dy hawwe wy foar 5 teld, dat is de "Doarpsonropper" hwant dat is nou echt "âlderwetsk" en uniek.

Dè joun soe om 10 ûre eindigje, mar dat prima stel minsken, dy it Waltahús bistjûre, ha nea in súr gesicht setten, ek net doe 't it al nei âlven wie.
De dei wie ôfroun en Anna-iksel en ús bern wiene forlegen troch al de leafde en hertlikheid oan ús bitoand.

As lêste forrassing wie dan wol - doe 't wy op in hichte fan mear dan 10 km. boppe de oceaán fleagen - dat de steward ús út namme fan de kaptein gezagvoerder fan de DC 10 útnoege om him to folgjen nei de cockpit, wer't wy in hertlike lokwinsk fan it personiel úntfongen en nei in petear fan 15 min, fleagen fan twa flessen champagne de kurken troch it fleantúch.

Wy hoopje, dat wy net ien fan jimme tokoart dien hawwe. Mocht dat it gefal al wêze, forjow ús dat dan hwant wy wiene yn dizze fiif wiken fakentiids "ús sels net."

Wy hawwe, mei ús barn, in prachtige tiid meimakke yn
Tsjerkwert en... dat nei 28 jier taháldden yn Nova Scotia.
It wie as wiens wy nea út Tsjerkwert weiwest.

HULDE FOAR SOKS!!!

Sjouke en Anna Zwaagstra-Burghgraeſf,
beren en famylje. juny 1979.

N.B. Hwat wy tige spitich founen wie, dat troch
de græte tarin net tiid wie om mei eltsenien
in persoanlik praetsje te halden.

% % % % % % %

Wy wolle eltsenien bitankje foar
alle lokwinsken, blommen-en
presintsjes, dy 't wy kriegen neï
de berte fan

RIKST NYNKE

Hille en Lutske.

1922 - EENSGEZINDHEID - 1979
=====

Higjin maeije hat elts húsgesin fan Tsjerkwert en omkriten in stencil troch de doar kriegen fan boppesteande foriening.

Der stie û.o. op, dat der nije ynstruminten oanskaft wurde moasten en dy moatte dan ek bitelle wurde.

Men koe dan immen fan it korps forwachtsje as men ek in finansjale gift jaen woe foar dizze canfulling fan blaes-ynstruminten.

Fan dat "oankommen" is oan 't noute neat bard. De simmermoannen liene har der ek neat to goed foar: fekansje, úngetiid en al sa mear.

It korps hat ek inkelde wiken fekânsje hâldden, mar moandeitojoun 20 aug. is der wer repetysje west en in wike dernei komme de acht learlingen sânt de pauze ta yn 'e bisetting. Sadwaende haww' we acht ymstruminten oankoft. Ek moaster der noch trije forfongen wurde; dy binne noch yn bistel, hwant der sit in levertiid op. Hjirtroch hat elts lid dan in goed ynstrumint, hwat de stemming to goede komt.

Al mei al is it wol in aerdich forhaeltsje, mar wer't it omgiet is, dat we nou sa gau mooglik by Jo oankomme foar in bydrage.

Lêzers fan ús doarpskrantsje om útens, dy't mione hwat oan it korps dwaen to moatten, kinne in gift oermeitsje nei de Rabobank, Bolsward, t.n.v. Muziekvereniging Eensgezindheid Tjerkwerd, bankno.: 308721004.

W. v. A.

Dames!

We willen nog even terug komen op de wolcursus; afgezien van degene die zich al heeft opgegeven, kunnen er nog best enkele dames bij.

Hebt u nog zin om mee te doen, bel dan even snel naar nr.: 2876 of 2866.

Tine en Cobi.

~~~~~  
^ ^ ^ ^ ^

SPORTVERENIGING Tjerkwerd:

Woensdag 12 september a.s. starten we weer met de gymnastieklessen in it Waltahûs.

De lessen zijn als volgt:

- |                  |                                   |         |
|------------------|-----------------------------------|---------|
| 6.30 - 7.30 uur: | jongens en meisjes t/m 13 jaar,   | groep 1 |
| 7.30 - 8.30 uur: | jongens en meisjes t/m ± 20 jaar, | ,, 2    |
| 8.30 - 9.30 uur: | dames vanaf ± 20 jaar,            | ,, 3    |

De contributie bedraagt voor:

Groep 1 en 2: f 4,-- per maand;

Groep 3 : f 7,-- per maand.

Verdere mededelingen ontvangt u op de eerste lesavond.

De gymnastiek kan alleen bij voldoende deelname doorgaan!

KAATSEN:

De ledenpartij, welke gepland was op 8 sept, a.s.,  
wordt verschoven naar 1 sept. a.s. om 12.30 uur, i.v.m.  
het te houden dorpsfeest op 7 en 8 sept.

Voor opgave: zie programma van de sportvereniging.

VOLLEYBAL:

zie kaatsen.

//////////

Ingelsk .....

=====

De lessen bigjinne wer op tongersdei 20 sept.

yn 'e skoalle, de jouns om 8 ure.

Tinke jo der oer jo ingelsk wer ris by to  
spikerjen of oan in kursus foar bigjimmers  
mei to dwaen, skilje dan: 05157-2635.

\*\*\*\*\*

## Berichten van de Dorpsomroeper:

- Vooreerst hartelijk dank aan die 14 mensen, die de moeite namen om de vorige toeristische prijsvraag op te lossen. Het was nl. de plaats Hemelum, waar het bedoelde bord aan de gevel van een Cafe-Restaurant hing.

De inzenders, waaronder 2 jonge heren die fietsend op hun vakantie deze plaats passeerden en ineens stomverbaasd en tevens sprakeloos van hun fietsen afstappend het bord zagen hangen en dachten: dit is raak en het was raak.

Inmiddels weten de inzenders hoe het een en ander zal geschieden, wat betreft de prijzen-uitdeling; ze zijn er inmiddels van in kennis gesteld.

- Dan volgt hier de 2de en tevens laatste prijsvraag van dit seizoen:

- In welke plaats of stad in het Z.W. van Friesland staat op een ophaalbrug: Stap-voets.

Oplossingen op briefkaart voor het verschijnen van het volgende no. naar Kade 8. Geen postzegels bijplakken! Er zijn tevens weer enige prijzen mee te verdienen.

- Voor velen onder u en ondergetekende behoren de korte of lange vakanties weer tot het verleden. Vraag mij wel eens af: (denkend aan energiecrisis en slechte economie in ons land) of een vakantie eigenlijk nog wel nodig is en dan citeer ik de 17de-eeuwse filosoof Pascal, die schreef: - De ganse oorzaak van 's mensen ongeluk is, dat hij niet rustig thuis kan blijven.
- Dan volgen hier de 1ste prijswinnaars van de Tuinwedstrijd 1979:

Kleine tuinen: 1ste prijs + wisselbeker: M. de Jong.

Grote tuinen: 1ste , , + , , : M. Huitema.

Vervolgens hadden de volgende families 1ste prijzen:

Jan Dijkstra - Goeman - Mulder - Batteram - Kooijenga - E. Huitema - W. de Jong - mevr. Schakel-Miedema.

Allen, die een prijsbord in hun tuin geplaatst kregen,  
krijgen een prijs.

Daarom verwacht ik ook eenieder op de Prijsuitreiking  
in dit najaar; wetende dat u er is; dat het bij leven  
en wélfzijn een jaarlijks evenement wordt!

- Wat de wandelroute betreft, dat komt de komende jaren  
wel op gang. Ik bedoel hiermee nl. wij moeten de tak  
niet afzagen zolang men er nog op zit; ook al omreden  
dat al wat direct groot wordt, later vaak grote  
éenzaamheid teweeg brengt.

Dit was het dan weer, allen de hartelijke groeten van  
de Dorpsomroeper.

&&&&&&&&

#### Aktie "BOOTVLUCHTELINGEN":

Hwa 't skjinne en hele klean of skuon oer hat  
foar de Vietnamese boatflechtelingen, kin  
dy kwyt by:

Anny Feenstra,  
Jousterp 6,  
Tsjerkwert.

Jo kinne ek skilje (till nr. 9283), dan wurdt  
it guod by jo thús ðfhelle.

In jildbydrage kinne jo stoarte op banknúmer:  
35.95.37.138 by de Rabobank yn Snits, op namme  
fan 'e = Bootvluchtelingen =.

•••••

Hydragten binne kommen fan: H. de Boer, Singel; J. Nota,  
Waltawei; G.v.d.Witte, Wytmarsum; S.Zwaagstra, Canada;  
H. Bergsma, Bütenpost; S. Hiemstra, v. P nhuyswei;  
H. Gaastraa, Boalsert; juffer J. de Jong, Drachten;  
A. Hakker, Beabuorren; O. Postma, Iemswâlde; Gebr.  
Gaastra, Parregea; R. Posthumus, Iemswâlde.

Bejaardentocht van dinsdag 21 augustus:

's Morgens ruim 8 uur startte de Frambus met de reis van de bejaarden uit Dedgum en Tjerkwerd.

Het was regenachtig, maar dat mocht de goede stemming niet drukken.

We gingen over Harlingen, de Bildt-dorpen naar Holward, om daar te koffiedrinken, met het uitzicht over de zee.

Van daaruit gingen we naar Moddergat, Paesens, de Fiskershúskes werden bezichtigt en het monument op de zeedijk van de slachtoffers van vissers daar vergaan in een storm; langs mooie binnenwegen. In het Groningerland ging het op naar Lauwersoog, waar de warme maaltijd werd gebruikt.

's Middags op naar Slochteren, waar het slot Freulema-borg werd bezichtigt, waar veel te bezien is uit de tijd van koningin Emma en koning Willem III; thee genuttigd in nabijgelegen restaurant.

We gingen vervolgens door het mooie Drentse Landschap over Norg, Veenhuizen, over Donkerbroek naar Oranjewoud, waarbij in hotel Tjaarda van vroeger de koffiemealijd werd gebruikt.

Ongeveer 8 uur terug in Tjerkwerd. Hulde aan onze chauffeur Harm, die vele jaren met ons ging en de mooiste plekjes opzocht, alsmede dank aan de inwoners van Dedgum en Tjerkwerd, die door hun financiële bijdrage, ons een zo mooie dag hebben bezorgd.

Namens bejaarden en commissie, onze hartelijke dank.

=====

BOARGERLIKE STAN:

In it ôfroune skoft binne der gjin bern berne, dat hat men yn 'e fekânsje ek net oan tiid fansels. It houlikboatsje krije twa kear drokte. Op 8 aug. trouden Bernard Batteram en Ynskje Oostenveld; op 17 aug. Djurre Zijsling en Annemarie Haster.

Op 'e freed fan ús doarpsfeest, úntfoel ús ús doarpsfreon Sjoerd van 't Zet, yn 'e âldens fan noch mar 45 jier.

Snypsnaaren:

- de frouljusforiening giet op 29 augustus wer fan start. Nije leden fan herte wolkom.
- Pier en Lammie hiene gâns sukses op 'e hynstekeuring : 2 earste premies !!!!
- ús korps "Eensgezindheid" hat yn Makkum spile. En hoe!! De leden hiene de swimpakken mei, mar it waer wurke net mei. De "horeca" sil dat wol net slim foun hawwe.
- ús doarpsomropper hat in pear dagen en nachten de helm op hawn, fanwege de Skylab, dy't nei ûnderen kaem.
- de direkteur fan it pleatslik winkelbidriuw hat in nije w.c. !
- dûmny Dirk N. to T. hat ielbakken yn 'e feart. De plysje hat alris skille, mar dûmny set troch!
- Parrega, juli 1979.  
Beste vrienden, heb hier wonderbaarlijke mooie dagen gehad en nog. Door de slechte economie en energiecrisis was ik besloten dit jaar dicht bij huis te blijven, 's morgens wat verkennen en bezichtigen en 's middags vaak aan het turfsteken in de meer hier achter. Met het laatste sneed het mes ook nog van twee kanten dacht ik zoo. de dorpsomroeper
- okkerdeis rekke in Dútser mei de boat oer de kop. Alles stronttrochwiet fansels. Dizze man hie moai yn ús nije jachthaven bikomme kinnen. Dy haven sil dochs wol foar Hollanders en Dútsers wâze : dikke beurzen en greate bekken
- in boerd aan de brêge warskôget fear haaien. Komme der dwerske skippers dan lit Hendriks de haaien los.
- Willem Schakel syn skiep wiene wei. Soan Hylke en inkeldi buorlu it dak op om to sykjen. Neat to sjen ! Se rounen fuortbij, bij Jeh. Dijkstra op it hiem.
- Ule hat in timmerfeint op 'e trekker.
- Wiebe Bakker hie (letterlijk) in sneedsje yn it car.
- doarpsbilang hat birjocht krike oer de fytstocht troch Wûnseradiel. Jo dogge ek mei ?
- kopy ynleverje foar 15 oktober !!!!!!!!
- de kaertclub bigjint wer op tiisdei 11 september.



10